

KATEGORY	OANTAL	YNVESTARRE TROCH DE PROVINSJE FRYSLÂN
 ENERZJY EN DUORSUMENS	23	€ 396.805
 KEUNST EN KULTUER	67	€ 539.771
 LEEFBERENS	88	€ 1.078.238
 MIENSKIP EN BEDRIUW	14	€ 271.170
 NATUER EN KULTUERHISTOARJE	42	€ 642.609
 SPORT	29	€ 346.592
 FERDUORSUMJEN MIENSKIPSGEBOUWEN	16	€ 473.939
 SOARCH EN WOLWÊZEN	27	€ 513.952
 FRYSLÂN FERBYNT – VRIJWILLIGERSDAG 2024	48	€ 24.000

## Tankwurd

Ut namme fan de Provinsje Fryslân wol ik jimme as belutsen ynwenners, organisaasjes en frijwilligers tank sizze foar jimme grutte ynset yn de ôfrûne jierren! Mei troch jimme en help fan de Provinsje binne tal fan inisjativen ta útfiering brocht. Mei-inoar hawwe wy ús direkte libbensomjouwing moaier makke. Yn doarp, wyk en stêd. Sûnt 2015 stipet it Iepen Mienskipfûns tûzenen ideeën – grut en lyts. Allegear foar ús Fryske mienskip. Dat binne saken om grutsk op te wêzen en dêr geane wy ek mei troch. Sa bouwe wy fierder oan in leefbere en moaie provinsje dy't ús bynt.

**Sijbe Knol**  
Deputearre Leefberens



## GEMEENTE LJOUWERT

# 10 jier Iepen Mienskipfûns

It Iepen Mienskipfûns bestiet 10 jier. Foar jo leit de ynformaasjeblêd fan de gemeente Ljouwert. Hjiryn kinne jo sjen hoefolle projekten de ôfrûne 10 jier troch de provinsje Fryslân stipe binne troch it Iepen Mienskipfûns.

Yn 2015 waard it Iepen Mienskipfûns oprjochte om subsydzjes dy't bedoeld binne foar frijwilligers tagonklikker en yntegrale te meitsjen en dat hawwe wy witten. Inisjatyfnimmers koene terjochte foar advys en help by oanfragen yn it streekhûs Noardwest Fryslân wat fêstige is yn Frjentsjer. De provinsje waard oerspielt mei oanfragen. Fryslân brûst!



De Provinsje is grutsk dat se al 10 jier bydraacht oan it noch moaier en leefberder meitsjen fan de Fryske doarpen, wiken en eilannen. Mear ynformaasje oer it fûns en oankommende iepenstellingen treffe jo op: [fryslan.fr/imfoanfreegje](https://fryslan.fr/imfoanfreegje).

# 354

TOTAAL OANTAL PROJEKTEN

Yn totaal is € 4.287.076 troch de provinsje Fryslân ynvestearre yn projekten binnen gemeente Ljouwert. Dat is € 32,93 de ynwenner.

YNVESTARRE BEDRACH:

Bydrage provinsje Fryslân  
€ 4.287.076



Multiplier 4,87

ÚTLICHT:

## De Twatine


Oan 'e ein fan 2020 hat de Stichting Dorpshuis Hijaard/Hoptille subsydzje oanfrege foar it realisearjen fan in modern, duorsum en takomstbestindich doarpshûs. It doarpshûs is it sintrale plak om de ferienings, it toaniel, de brûkers en de ynwenners in permanint plak te jaan. Nei 27 jier brûken moast it gebou yngeand opknapt wurde foar in moai en leefber Hilaard. Om't it doarpshûs in ûnmisbere foarsjenning is en in sintrale rol yn it maatskiplik libben fan de doarpsbewenners ynnimt, sette in soad ynwenners harren yn om it doarpshûs draaiende te hâlden. It doarp hat nammentlik 300 ynwenners, 90 dêrfan leverje as frijwilliger in bydrage. Meardere partijen, lykas de keatsferiening, de biljertferiening, Stichting Hy-night, de iisklup, ferskate buertferienings ensfh. meitsje wilens wer gebrûk fan dizze prachtige foarsjenning.



# Projekkaart gemeente Ljouwert

Sûnt de oprjochting fan it Iepen Mienskipsfûns (IMF) yn 2015 binne der al mear as 2500 projekten realisearre dy't de leefberens yn Fryslân ferbetterje. Dy inisjativen, inisjearre en útfierd troch ynwenners sels, hawwe net allinnich de regio fersterke, mar ek de ferbining en it eigenskip tusken de bewenners en harren omjouwing.

Dizze projekkaart jout in byld fan it tal ôfrûne projekten yn de gemeente Ljouwert.



**TALJOCHTING:**

Enerzjy en Duorsumens	Keunst en Kultuer	Leefberens
Mienskip en Bedriuw	Natuer en Kultuerhistoarje	Sport
Ferduorsumjen Mienskipsgewoenten	Soarch en Wolwêzen	Fryslân Ferbynt

**Gemeente Ljouwarden**

OANTAL PROJEKTEN: 354      TOTAAL YNVESTARRE BEDRACH TROCH DE MIENSKIP: € 20.893.638      TOTAAL YNVESTARRE BEDRACH TROCH DE PROVINSJE FRYSLÂN: € 4.287.076

NIJSGJIRRICHT NEI DE PROJEKTEN?

